

**Oan de leden fan de FFU**

170223.def.útn.jgk.

Ûnderwerp: útnûging foar de jiergearkomste fan de FFU op 20 maart 2017 te Ljouwert

Drachten, 16 febrewaris 2017

Achte leden, bêste minsken,

Yn novimber 2016 hawwe wy jimme in fragelist stjoerd mei it each op de takomst fan de FFU. In tredde part fan de leden hat dêr gebrûk fan makke en it bestjoer ynformearre oer harren betinken oer it ûnderwiis yn it Frysk en de funksje fan de FFU dêrby. Yn it taheakke ferslach bringe wy jimme op 'e hichte fan dy resultaten en hawwe wy nei oanlieding fan de antwurden alfêst in tal opmerkings makke en konklúzjes lutsen.

Op de jiergearkomste wolle wy it enkêteferslach oan de hân fan in tal diskusjepunten mei jimme as leden besprekke. Dêrfoar hawwe wy ek útnûge de hear **F. Weima**, lid fan it *Orgaan foar de Fryske taal* (*Dingtiid* neamd), om ús by te praten oer it op 3 febrewaris 2017 presintearre Dingtiid-rapport oer de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis. It bestjoer tinkt dat in diskusje oer de fyzje fan *Dingtiid* op it fuortsterkjen fan it Frysk op 'e skoallen – tsjin de eftergrûn fan de útslach fan de enkête – ús in stap fierder bringe kin.

It bestjoer fan de FFU nûget de leden dan ek út foar de jiergearkomste op moandei 20 maart, de jûns om 20.00 oere yn ien fan de boppesealen fan Grand Café Wouters, Sophialaan 5, 8911 AF yn Ljouwert. It kafee stiet neist it Oranjehotel foar it stasjon oer.

Ynrin fan 19.45 oere ôf.

Jimme komst is wichtich, omdat de posysje fan it Frysk yn in 'krytyk' stadium sit. De betsjinning wol graach witte hoefolle leden oft der komme en wy freegje jimme ús dêrom berjocht te jaan fan jimme komst. Graach sa gau mooglik, mar op it lêst foar 18 maart 2017. Tillefoan: 0515-331868 (Dykstra, foars.), of oer de e-post: ffupost@hotmail.com (Hiemstra, skr.).

Alle ferslaggen (jiergearkomsten en jierferslaggen) binne te finen op www.ffu-frl.eu by de rubryk: 'Ferslaggen' en foar elts mei ynternet dus oan te klikken. De leden dy't ynternet hawwe (en dêr't it e-postadres by ús fan bekend is), stjoere wy de stikken net langer op papier ta (fanwegen de kosten!). Dy stikken binne ek te iepenjen troch op de neikommende skeakels ('links') te klikken:

1. Ferslach fan de jiergearkomste op 26-04-2014, **klik op:** <http://ffu-frl.eu/PDF/140526.FFU-fersl.jiergk.26-05-2014.pdf>
2. Jierferslach oer 2015, **klik op:** <http://ffu-frl.eu/PDF/151231.def.FFU.jierfersl.oer.2015.pdf>
3. Jierferslach oer 2016, **klik op:** <http://ffu-frl.eu/PDF/161231.def.FFU-jierfersl.2016.logo.pdf>

De leden sûnder ynternet of dêr't it e-postadres net by ús bekend fan is, stjoere wy de stikken noch oer de 'gewoane' post ta. As dy leden wól in e-postadres hawwe, dan freegje wy dat oan ús troch te jaan.

Ús ponghâlder, Ed Knotter, sil op de gearkomste in oersjoch presintearje fan de finânsjes en dêr in taljochting op jaan as dêr ferlet fan is. Hy freget om fôár de jiergearkomste de kontribúsje fan € 10 (of wat mear as it lije kin) oer 2016 oer te meitsjen op **NL 17 INGB 0002 3560 38** op namme fan **Feriening Frysk Underwiis (FFU), Beetsterzwaag/Beetstersweach**.

Mochten jo efter wêze mei de kontribúsje foar 2014 en/of 2015, wolle jo dat dan ek lyk meitsje? It skeelt ús in protte wurk en drokte. Tige tank!

Hooplik oant sjen op de jiergearkomste.

Mei freonlike groet,
Tom Dykstra, *foarsitter FFU*

It programma fan de jiergearkomste sjocht der sa út:

1. 20.00 Iepenjen: wolkom troch de foarsitter
2. 20.05 De hear F. Weima fan *Dingtiid* jout in koarte taljochting by it advys ‘*Meartaligens as kwaliteit en doel*’, mei oanslutend in *diskusje* oer in tal *stellings*
3. 20.50 Skoft
4. 21.05 Ferslach jiergearkomste 2014 en de jierferslaggen oer 2015 en 2016
5. 21.15 Finansjeel ferslach
6. 21.30 Ferslach enkête 2016
7. 21.50 Takomst FFU
8. 21.55 Wat fierder op it aljemint komt
9. 22.00 Omfreesjen en sluten (mei eventueel in praatsje nei)